



*Foar Marloes, Limoni en Melle*

*en 'myn broer' Robert-Jan*

Jochem Myjer  
**DE GOARGELS**

EN IT GEHEIM  
FAN 'E GLETSJER

*Yllustraasjes Rick de Haas*



BORNMEER

Dizze útjefte is ta stân kommen mei stipe fan:  
Provinsje Fryslân, Tresoar, Jan Roelof Geertsmafonds,  
Feitsma Fûns – Fûûns fwar it Frysk, Douwe Kalma Stifting

Oarspronklike titel: *De Gorgels en het geheim van de gletsjer*  
© 2018 Jochem Myjer (tekst), Rick de Haas (yllustraasjes)  
Uitgeverij Leopold, Amsterdam

Fryske útjefte:  
© 2023 Martsje de Jong | útjouwerij Bornmeer  
Opmaak: Julien Hoekstra-Kermans | DTP-Atelier

ISBN 978 94 6471 129 5  
NUR 524 | 281 | 282

Alle rjochten foarbehâlden. Neat út dizze útjefte mei fermannichfâldige en/of iepenbier makke wurde troch printsjen, fotokopy, mikrofilm of op hokker wize ek, sûnder dat dêr skriftlike tastimming oan foarôf giet fan útjouwerij Bornmeer, postbus 234, 8400 AE De Gordyk, Nederlân – [info@bornmeer.nl](mailto:info@bornmeer.nl).

Bornmeer is in ymprint fan  
20 leafdesdichten en in liet fan wanhoop bv

[www.bornmeer.nl](http://www.bornmeer.nl)

# YNHÂLD

Underweis 11	Belia 99
In Goargelfrije fakânsje 14	It geheime wapen 103
De Wesp 17	Slym en marmottepoep 108
Parfum en sûkelade 21	Mazzelabammy! 115
De gletsjer (1) 26	Bobba de Koarrepûster 120
Tsiisfondu (1) 31	Beskimmele krintepofkes 124
De fergetten rêchtas 38	Deltalaswevyswevy! 130
Untfierd 41	Op libben en dea 137
Katja 45	Bobba syn EUG 143
Koarrepûstersflibe 47	Melle is siik 148
Fertriet 52	Oerkracht 151
Telefoan 55	De iisgrot 154
De Grize Goargel 57	Bobba rêden 161
De stjonkgrot 60	In grut ferlies 167
De gletsjer (2) 64	De rop fan in Goargel 171
Abba de Oergoargel 68	Daggeledeidam 176
Op syk nei de Berchgoargels 73	In hiel lyts envelopke 180
Twa tekens 79	Gradda 184
Hakkelabambam! 85	Tsiisfondu (2) 189
De flecht fan 'e Berchgoargels 88	Joebelabambam! 191
Op ferkenningsstocht 94	





*Hasto oait neitocht oer hoe't der nachts koarstjes  
op dyn iepen plakjes komme?  
Hast wolris meimakke dat de hiele klasse  
ferkâlden wie, mar do net?  
Hast oait it gefoel hân dat der nachts  
ien op dy past?  
Wolkom yn 'e wrâld fan 'e Goargels.*



Ek do hast in Oppasgoargel dy't nachts foar dy soarget,  
dy treast en dy beskermet tsjin Brutelers,  
in aaklik folkje dat bern griperich probearret te meitsjen.  
Normaal kinst dyn Goargel net sjen,  
want Goargels binne in master yn ferstopjen en se kinne  
mei in kûgelsfeart fuortsjitte.  
Melle hat supereagen en is it iennichste bern  
op dizze wrâld dat Goargels flitsen sjen kin.  
Tegearre mei syn suske Limoni.









# UNDERWEIS

Melle waard wekker. Even wist er net wêr't er wie. As hong hy tusken de dreamwrâld en de echte wrâld yn.

In rêstich brommend lûd fertelde him dat er yn in auto siet.

Hy die foarsichtich de eagen iepen.

Hy lei mei syn holle tsjin it rût. In grutte reade sinne skynde op syn gesicht.

Boppe de hoarizon hongen reade en giele fegen, krekt as hie immen mei in kwast hiel sloardich de loft ferve. In blauwe, glânzjende, stoere auto mei in frjemd nûmerboerd flitste lûd brullend foarby. De auto skodde.

Melle seach fansiden. Syn suske Limoni lei noch lekker te sliepen.

Se hie har rêchtas stevich yn 'e hân knypt.

Hy skrok en seach fluch nei achteren. Boppe op 'e koffers seach er syn eigen rêchtas lizzen.

Hy sykhelle ferromme.

Ynienen fielde er in hân op syn skonk.

It wie heit. 'Goeiemoarn, kammeraat. Wolst in krintepofke? En wat molke?' flústere er.

Melle knikte. Ynienen wist er alles wer. It wie fakânsje en se wiene dy moarns hiel betiid op reis gien.

'Binne wy der hast?' flústere Melle mei de mûle fol krintepofke.

Mar foar't heit antwurd jaan koe, klonk der in nuvere blikken frouljusstim troch de auto.

'Oer. Fjouwer. Hûndert. Meter. Rjochtsôf.'

Mem seach skrokken om har hinne. 'Der is hjir hielendal gjin ôfslach,' sei se kjel.

'Ja, mar leave, as de kompjûter it seit, dan kloppet it grif wol.'

'Oer. Twa. Hûndert. Meter. Rjochtsôf.'

‘Ik kin dochs net samar in stik lân yn ride? Ik tink dat se dizze dyk noch net ken,’ sei mem. ‘Ik ryd gewoan troch.’

‘Kear. Om,’ sei de frouljusstim. ‘Kear. Om.’

‘Wat moatte wy dwaan?’ rôp heit panikerich.

12 Hy drukte in pear kear op it ljochtsjende skermke tusken him en mem yn.

‘Kear. Om.’

Mem drukte op it reade knopke neist it skermke. ‘Ut mei dat ding! Sa, hearlik rêstich.’ Se wiisde ferromme nei in frjemde plaknamme op in boerd lâns de sneldyk. ‘Sjoch, dêr stiet it ek. Wy ride hielendal goed.’

Limoni wie wilens ek wekker wurden troch dy nuvere frouljusstim. Se gappe.

‘Goe-hoe-hoe-hoeiemoarn. Ik moat dus hiel noadich pisje.’

‘Noch hiel even ynhâlde,’ sei mem. ‘By it earstkommende benzinestasjon gean ik der even ôf.’



Net folle letter parkearde mem de auto. Melle stapte út en strekte syn skonken.

It wie noch wol wat fris, mar it begûn stadichoan waarmer te wurden.

‘Lit dyn rêchtas mar yn ’e auto lizze,’ sei mem tsjin Limoni.

‘Nee, eh ... ik nim him dus leaver mei,’ hearde Melle syn suske sizzen. Sûnt in pear moanne brûkte se yn hast alle sinnen it wurd sje ‘dus’.

‘Wêrom moat dy mei?’ frege mem.

‘Myn knuffels ... eh ... moatte dus ek hiel noadich pisje.’

Mem en Limoni rûnen nei de wc’s.

Melle en heit rûnen nei de bosk neist it benzinestasjon. Se holden der beide fan om stikem bûten tsjin in beam oan te pisjen.

‘Wat is it dochs noflik om in jonkje te wêzen,’ fûn Melle.

Heit knikte.

Limoni en mem woene noait mear bûten pisje. Mem hie har de lêste kear per ûngelok boppe in brânnettel sakje litten en hie twa dagen lang reade plakken op har achterein hân.

Heit en Melle giene nei it pisjen op in bankje yn ’e sinne sitten.

Heit seach om him hinne oft net ien him hearre koe. Doe skode er wat tichter nei Melle ta en sei op heimsinnige toan: ‘Melle, ik wol dy wat freegje.’

# IN GOARGELFRIJE FAKÂNSJE

- 14 Heit seach op syn horloazje.  
'Ik tink dat dy lytse ninja no yntusken wol op it Eilân oankommen is. Tinkst ek net?' frege heit.  
'Bedoelst myn Oppasgoargel Bobba, heit?' frege Melle.  
'Ssst,' sei heit. Hy seach ferskrikt om him hinne.  
'Jaja, dy bedoel ik,' sei heit. 'Dêr wol ik it even mei dy oer ha. De R is út 'e moanne. En dat betsjut dat alle Goargels wer werom binne nei it Eilân.'  
'Dat wit ik dochs, heit,' sei Melle.  
Hy wist wilens likefolle fan Goargels as heit. Bobba joech him alle jûnen, krekt foar't er sliepen gie, stikem les oer alle Goargelgeheimen.  
'No, dan witst ek dat se pas yn septimber weromkomme,' gie heit fierder. 'As de R wer yn 'e moanne sit.'  
Melle knikte.  
'Witst ek dat ik yn it museum de hiele dei mei Goargels dwaande bin,' sei heit. 'De hiele dei. It hiele jier.' Heit syn hannen begûnen te triljen. Hy seach Melle no rjocht yn 'e eagen.  
'Melle, ik wol dy wat freegje. Sille wy it dizze hiele fakânsje nét oer Goargels ha? Asjeblyft? Ik wit datst mei my altyd oer Goargels prate wolst. Mar ik kin gjin Goargel mear sjen. Ik kin it wurd Goargel net iens mear hearre.'  
Heit begûn hieltyd lûder te praten. 'Ik wol rêst. Ik wol in hielendal Goargelfrije fakânsje. Is dat ôfpraat, Melle?'  
Melle fielde dat syn wangen read waarden.  
'Eh, ja ... dat belooft ik, heit.'  
Heit ûntspande wer en Melle seach in grutte glim op syn gesicht.  
'Fijn, fijn, fijn. Sjoch, dêr binne de dames ek wer. Kom, wy

gean werom.' Hy kaam oerein fan it bankje en huppele werom nei de auto.

Limoni en mem kamen út 'e wc. Limoni hold har rêchtas stiif tsjin har búk drukt.

Melle seach nei de auto. Syn hert begûn flugger te slaan.

15

Op it dak fan 'e auto stie in grutte donkerreade rôffûgel. Hy hie in foarkefoarmige sturt en in giel-swarte kromme snaffel. Melle hie syn toverkiker, sa neamde hy syn fierrekiker, net noadich om te sjen wat foar fûgel oft it wie. It wie in reade wou. Mei syn skerpe snaffel tikke er fûl op it achterrút fan 'e auto.

'Kkksssjjjt,' rôp mem. Se draafde swaiend mei har earmen nei de auto.

'Opsokkebalje!' raasde heit.

De reade wou seach skrokken op.

Hy sloech syn enoarme flerken út en  
fleach keninklik nei in tûke yn  
in beam fierderop.



Syn felle, giele eagen hold er op 'e auto rjochte.

Heit ynspektearde it achterrút. Der siet in lyts skuorke yn.

'Krekt op 'e tiid,' sei heit en hy die de klep iepen.

Melle seach nei syn rêchtas en hold syn adem yn. Mar heit pakte

de plestik tas neist de rêchtas. 'Ik tink dat er dizze ha woe,' sei er.

'Hjir sitte de broadsjes mei salamy foar it middeisiten yn. En noch wat oars,' sei er heimsinnich.

Melle en Limoni seagen elkoar oan. Se wisten fuort wat heit bedoelde.

As se op fakânsje giene, krige Melle altyd in grutte sûkelade-hazzenútreep. En Limoni krige in pûde dropkes, want sy hold net fan sûkelade.

Melle pakte fluch syn rêchtas út 'e auto.

Heit die de achterklep ticht. 'Sil ik no in eintsje ride, leave?' sei er.

Mem skodholle. 'Nee, dan wurde de bern mislik. Do kinst gewoan

net sa goed autoride. Mar dat is net slim. Do kinst wer oare dingen.

Rêst do mar lekker út fan al dat hurde wurkjen.'

Even letter rieden se wer op 'e sneldyk.

Limoni pakte har sketsboek en begûn de reade wou te tekenjen.

It leafst tekene se de hiele dei. Sûnt koart wist Melle dat syn suske

ek supereagen hie en dus alles hiel presys yn har opnimme koe.

Hy seach om him hinne. Gelokkich, der lette net ien op him.

Foarsichtich makke er syn rêchtas iepen. Hy pakte der in knûkelich skrift út. En in grut fûgelboek.

Hy die it fûgelboek iepen en lei dêr gau it skrift yn. Sa like it krekt as wie er in boek oan it lêzen.

Melle die de rêchtas wer ticht en lei dy foarsichtich neist him del.

Hy seach nei it skrift. Syn eagen begûnen te glinsterjen. Yn syn

eigen hânskrift stie der:

**OPPASGOARGEL OEFENBOEK.**



# DE WESP

Melle krige in glim fan ear ta ear. Hy hie de ôfrûne tiid alle nachten mei Bobba oefene mei syn selsmakke Oppasstôk.

Bobba learde him alle kneepkes fan it Oppasgoargelfak.

Melle hie tsjin him sein: 'Bobba, ik bin it iennichste minskebern dat in Goargel sjen kin. No wol ik it earste minskebern wêze dat sels in Bruteler ferslaan kin.'

Bobba moast lûd laitsje en hie him doe serieuus oansjoen.

'Ast-krekt-sa-lang-oefenest-oantst-net-mear-stean-kinst-kinst-elke-Bruteler-ferslaan-of-net-of-wol.'

Melle blêde nei ien fan 'e lêste bledsiden fan syn skrift.

Dêr hie Bobba in pear moeilike fragen opskreaun. Mei syn supereagen lies er de pyplytse letters.

In Gielrâne Búkgrypbruteler is te ferslaan troch:

A · in dûbele Gug-technyk wêrby'tst de Oppasstôk trije kear hielendal fluch rûndraaist, sels twa rûntsjes makkest en him dan op syn noas slachst, sis mar.

B · in fûle standerttik mei dyn Oppasstôk flak achter syn nekke.

C · syn sturt te pakken en it achterste stikje dêrfan te knikken, sadat de Bruteler him net mear bewege kin.

Smyt him dan hielendal út it rût, of net of wol.

